

De bydragen yn dit nûmer binne fan:

Wiebe Bergsma, studearre skiednis en kulturele antropology oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Hy is sûnt 1985 ferbûn oan 'e Fryske Akademy yn Ljouwert as histoarikus foar de Nije Tiid. Yn 1999 publisearre er syn skiednis fan 'e reformaasje yn Fryslân: *Tussen Gideonsbende en publieke kerk*.

Arjen Dijkstra, studearre Iermoderne Skiednis oan 'e Ryksuniversiteit Grins. Hy promovearre oan 'e Universiteit Twinte op in kulturele skiednis fan 'e wiskunde yn Fryslân yn 'e santjinde ieu. Op 't stuit wurket er yn Grins, dêr't er ûndermear ûndersyk docht nei de Frjentsjerter planetariumbouwer Eise Eisinga.

Aza Goudriaan, studearre teology oan 'e Universiteit Leiden en 'e Ludwig-Maximilians-Universität München. Hy promovearre yn 1999 yn Leiden. Op 't stuit dosearret er tsjerkeskiednis oan 'e Vrije Universiteit Amsterdam.

Christoph Lüthy, is heechlearaar filosofy- en wittenskipsskiednis oan 'e Radboud Universiteit Nijmegen. Berne yn Switserlân, hat er filosofy yn Oxford, natuerkunde yn Bazel en wittenskipsskiednis yn Harvard studearre. Syn favorite ûndersykmêden binne de iermoderne natuerfilosofy en 'e ûntjouwing fan wittenskiplike ôfbyldings sûnt de renêssânse.

Han van Ruler, studearre filosofy yn Utert en promovearre yn Grins op in mear as ien kear bekroane proefskrift oer de striid tusken de Utertske teolooch Gisbertus Voetius en 'e Frânske filosoof René Descartes. Op 't stuit is er bysûnder heechlearaar yntellektuele skiednis fan 'e renêssânse en barok oan 'e Fakulteit Wiisbegearte fan 'e Erasmus Universiteit Rotterdam en direkteur fan 'e Nederlânske ûndersyksskoalle Wiisbegearte (OZSW).

Gerben Wierda, berne yn it Hellinghûs op 'e Gaastmar, woeks op yn Heech. Hy studearre oan 'e Technyske Universiteit te Delft, wurke yn 'e elektrotechnyske yndustry en wie as direkteur/riejaand yngenieur ferbûn oan in yngenieursburo. Yn 'e lêstneamde funksje rekke er bekend mei it Gorlaeus-laboratoarium (Universiteit Leiden) en krige er niget oan it libben fan David van Goorle. Wierda hâldt him de lêste jierren û.o. dwaande mei de doarpsskiednis fan Heech en publisearret dêr oer. Yn it

ramt fan dy publikaasjes hat er him ek ferdjippe yn 'e relaasje Harinxma
thoe Heegh en Martena/Van Goorle.

